

Sinteklazetiid,

SP FRYSK boeketiid

Fryske boeken

Troch Rients de Boer | recel

Durk van der Ploeg: nijsgjirrige
en degelike roman
Durk van der Ploeg (1930) hat

DURK VAN DER PLOEG

DE JACHT

earst namme makke as dichter, mar is de lêste jierren hieltyd mear op it proazamêd te finen. Syn nijste roman is in tsjok boek wurden fan 263 siden. 'De jacht' spilet yn lyts tsien jier, fan 1936 oant april 1945. It is in tiid dy't by de âlderen fan ús bekend stiet as in benearjende tiid. Foar de oarloch earmoede en lijen en yn de oarloch kaam dêr de ûnderdrukking en de besetting mei al syn lichaamlike en geastlike neden en gefaren noch by.

Oan de iene kant wurdt it libben yn dy tsien jier beskreaun, lykas him dat doe foardie op in lyts doarpke; hjir is it Ealsum by Dokkum. Oan de oare kant wurdt it libben sketst fan Former Bloemkamp, in soartemint fan ferliezer, in ûnderdog, in frijfochten man. Dat Former ienkennich is, komt grif fan it feit dat er in oerwinning is (earst letter komt de lêzer der efter wa't syn heit is, want syn mem hat it him nea fertelle wolle). Fierders begjint it boek dermei dat Former en syn mem fan de Wâlden (Wâlterswâld) ferhúzje. Yn Ealsum binne de measte minsken A.R. Former kin him dêr net by oanlute: hy is û.m. antimilitarist. Fan de wurkeasheid hoecht Former net wakker te lizzen: hy wol net stimpelje en dat hoecht er ek net, omdat hy him, as frijgesel, skoan rêde kin mei fiskjen en jeien en lyksoartige akkefysjes dy't it natoerlibben opsmite.

Former fielt him oanlutsen ta de radikale Joadske dûmny Józef Cohen dy't doe yn Dokkum stie. (Van der Ploeg draacht it boek dan ek op oan dizze dûmny, en sitaaret in stik út de preek dy't him needlottich wurden is; ds. Cohen is stoarn yn Dachau op 23 maaie 1942.)

De tsjinspiler en tsjinpoal fan Former is Lútsen Idsardi, in man fan tolve ambachten en trettjin ûngelokken, in man dy't himsels as slachtoffer fan syn tiid beskôget. Hy tinkt it heil te finen by de N.S.B. Syn heit hat it der net op stean mar syn mem stipet him en bedjert him yn alles.

Der tusken yn stiet de figuer fan Hinke. Hja hat earst ferkearing mei Lútsen, mar makket it út as hy nei Dútslân giet om te wurkjen. As Former letter kunde oan Hinke kriget, neidat syn mem ferstoarn is, en hja al gau trouwe moatte, dan is dat wer oalje op it fjoer fan Lútsen syn ôfgeunst.

Hy kin der net by dat alles wat Former ûndernimt ridlik ta goed slagget en dat Former jimmeroan syn ûnôfhinklikheid wier meitsje kin. Sels kin Lútsen him der net op beromje wat goeds dien te hawwen en syn heit wriuwt him dat ek allegeduerigen ûnder de noas.

It komt ta in útbarsting as Lútsen by in oefening fan de 'Bijzondere Vrijwillige Landstorm' Former yn it fizier kriget en op him sjit. Dêr foar moat Lútsen wol yn de finzenis. Mar as er der útkomt is er noch gemiener as eartiids.

Sa stiet de ferhâlding fan Former en Lútsen hieltyd ûnder heechspanning. Ne allinne de konkurinsje fanwege Hinke, mar ek polityk en maatskiplik sjoen. Hinke besiket wol om de skerpste kantsjes der ôf te heljen, mar it slagget har net.

Van der Ploeg hat syn roman yn trije parten ferdield: De krisisjierren, It skot en De oarloch. It is lang net altiten in fleurich ferhaal. Gjin wûnder: krisis en oarloch binne gjin aardige dingen. It liket der faak wol op dat Former en Geeske de noile boppe wetter hâlde kinne, mar de ein is oars. Former kin it net.

Mei dit boek hat Van der Ploeg in oannimlik stik wurk delset. It docht faak reëel oan. It benearjende fan dy tiid, mar ek it sloppe fan de minsken, it ûnbetroubere en it hinne-en-wer waaien op 'e wyn. De karakters fan Former en Lútsen komme goed út de ferve, Hinke is as tuskenpersoan nei myn betinken wat minder slagge.